

*De Stifting Fryske Akademy docht al goed 85 jier wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal, de meartalige maatskippij en de regionale skiednis fan Fryslân. Mei multydisiplinêr ûndersyk leveret de Fryske Akademy fernijende bydragen oan it ynternasjonaal wittenskiplik debat, draacht by oan it akademysk klimaat yn Ljouwert en Fryslân, en genereart ynspirearjende fûnemintele en tapasbere kennis foar en oer de maatskippij. It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen is sûnt 1987 ûnderdiel fan de Fryske Akademy. Mercator docht ferlykjend en tapast ûndersyk yn Europa op it mêd fan meartalich ûnderwiis, taalbelied en taalfitaliteit, en ferbynt dat mei maatskiplike fraachstikken yn Fryslân. Op dizze wize wurket de Fryske Akademy oan wittenskip op nivo, mei each foar maatskiplike ympakt en basearre op in sterk engazjemint mei Fryslân en de Friezen. De Fryske Akademy is stevich yn de regio ferankere en is ferbûn oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW).*

Wy sykje in

## **Senior ûndersiker histoaryske wittenskippen/ programmakoördinator**

32-38 oeren wyks / 0.8 -1.0 fte

### Oer de funksje

Dizze funksje biedt de kâns om yn in lytse dynamyske organisaasje it ferskil te meitsjen yn it stal jaan en dwaan fan ús ûndersyk. Ut ús ynterdissiplinêre en ynternasjonaal-orïintearre ûndersyksaginda nei de Fryske kasus, kinst as senior ûndersiker dyn eigen ûndersyk stal jaan en joust lieding oan likernôch fiif ûndersikers. As programmakoördinator bisto, mei trije oare koördinatoaren mei oare ekspertizen, ferantwurdlik foar de foarmjouwing en bewekking fan ús ûndersyksprogramma.

### Profyl

Wy sykje in ûndersiker mei romme ûnderfining yn it opsetten en útfieren fan heechwaardich histoarysk ûndersyk, dy't histoaryske fraachstikken benaderet yn in ynterdissiplinêr perspektyf. Do hast lef en doarst ek ris bûten de bewende paden te tinken. Mooglike ynfalshoeken omfetsje kombinaasjes mei histoaryske geografy en lânskipsskiednis, argeology, filology of digitale metoaden. It ûndersyk is regionaal ferankere yn Fryslân en de Fryske lannen lâns de Nederlânske en Dútske kust, mar draacht by oan bredere teoretyske en maatskiplike fraachstikken en wurdt pleatst yn in ynternasjonaal ferlykjend ramt. Do hast in dúdlike fyzje op 'e takomst fan histoarysk

ûndersyk, bist by steat om dy oer te setten nei konkrete ûndersyksprogramma's en nimst inisjatyf yn it opsetten fan (ynter)nasjonale gearwurkingen en ûndersyksprojekten.

### Taken en ferantwurdlikheden

De funksje bestiet út twa lykwaardige komponinten: ûndersyk en programmakoördinaasje. Yn dy rollen silst:

- in eigen ûndersyksline útbouwe, ûntwikkelje en útfiere;
- as programmakoördinator ferantwurdlik wêze foar de ynhâldlike en organisatoaryske gearhing fan it ûndersyk;
- liedingjaan oan in lytse groep ûndersikers;
- ûndersyksprojekten inisjearje en liede yn gearwurking mei nasjonale en ynternasjonale partners;
- eksterne finansiering inisjearje, winne en dêr op soarchfâldige wize ferantwurdling oer ôflizze.

### Funksje-easken

- Promoasje yn histoaryske wittenskip.
- Oantoanbere ûnderfining mei it ûntwikkeljen, útfieren en publisearjen fan ûndersyk.
- Underfining mei it winnen fan eksterne ûndersyksfinansiering.
- Sterk akademysk profyl en publikaasjedossier.
- Underfining of affiniteit mei ynterdissiplinêr ûndersyk.
- It fermogen om selsstannich én yn teamferbân te wurkjen.
- Underfining as liedingjaande of oantoanbere potinsje dêrta.
- In goede behearsking fan it Nederlânsk en Ingelsk, of ien fan de twa en de reewilligens de oare te learen, is needsaaklik foar sawol de wittenskiplike as liedingjaande taken
- Frysk is ús fiertaal; goede behearsking fan it Frysk is dêrom in pree of do bist yn alle gefallen ree om it Frysk te learen en te skriuwen.

### Wat biede wy?

- In akademysk útdaagjende posysje mei in soad romte foar it ûntwikkeljen fan in eigen ûndersyksline.
- In lytsskalige, dynamyske ûndersyksomjouwing mei in sterk (ynter)nasjonaal netwurk.
- In soad romte foar ynterdissiplinêr en ynnovatyf ûndersyk.
- Romte om foar in part thús te wurkjen. Moandei is ús kantoardei.

- Ofhinklik fan oplieding en wurkûnderfining krijst in oanstelling yn it UFO-profyl ûndersiker 2 of ûndersiker 1 (sjoch [salarisskalen](#)).
- Goede sekundêre arbeidsbetingsten lykas: pensjoenopbou by it ABP en in folsleine 13e moanne.
- Oanstelling foar ien jier mei útsjoch op in fêst tsjinstferbân.
- Laptop en telefoan fan de Fryske Akademy.

#### Wolst mear witte?

Wy wolle dy graach mear fertelle oer dizze funksje. Nim dêrfoar kontakt op mei prof. dr. Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm FSA, fia it e-mailadres [nijsennagger@fryske-akademy.nl](mailto:nijsennagger@fryske-akademy.nl) of it telefoannûmer 058 -213 14 (resepsje).

#### Wolst sollisitearje?

Dan kinst dyn motivaasjebrief, mei dêryn dúdlik omskreaun wat dyn fyzje is op de takomst fan histoarysk ûndersyk en hoe'tsto lef toanst, mei dyn cv, oant 22 maaie 2026 e-maile oan de Ofdieling HR, û.f.f. 'PK Geschiedenis 2026' nei [wurkje@fryske-akademy.nl](mailto:wurkje@fryske-akademy.nl). De sollisitaasjepetearen sille yn de earste wike fan juny 2026 hâlden wurde.



*Akwisysje nei oanlieding fan dizze fakatuere wurdt net wurdearre.*